

**Plan B foar
Fryslân
Ferkieziings-
programma
Provinsjale Steaten
2019**



**Partij voor
de Dieren**

Ynhâld

Ynlieding	3
1. Sûne lânbou, sûn iten	4
2. Diererjochten	6
3. Romte foar natuer	8
4. Duorsume karren	10
5. Oerheid en maatskippij	14

Ynlieding

Plan B foar Fryslân

In bettere wrâld begjint ticht by hûs. Fryslân stiet foar grutte útdagings. De yntinsive feehâlderij bedriget net allinnich it wolwêzen fan dieren mar ek it klimaat, ús omjouwing, de natuer en ús folkssûnens. De natuer ferearmet troch it dongoerskot en de útstjit fan stikstof. Ynsekten lykas bijen en holders stjerre yn heech tempo. Greidefûgels wurde yn Fryslân yn harren fuortbestean bedrige. Jagers krije carte blanche, trochdat sy sels populaasjes tellen én it behear bepale én de dieren sjitte. Ek de hieltyd fierder opsjennende bebouwing en útwreiding fan it wegenet gean ta skea fan 'e natuer en de kwaliteit fan ús leefomjouwing.

De provinsje hat in wichtige ynfloed op ús leefomjouwing. Sa beslist de provinsje oer de bou en útwreiding fan megastâlen, oer it al dan net beskermjen fan ús natuer, oer de jeierij op warleaze dieren en oer ús ynfrastuktuer. Koartsein, in soad provinsjale besluten meitsje it ferskil foar wat it libben de muoite wurdich makket.

Yn Fryslân giet it bioferskaat hurd achterút, benammen op it plattelân. Griene woestinen binne ûntstien dêr't ienris rike gêslannen fol fûgels en ynsekten wiene. In radikale omslach is nedich om ús lânskip net fierder ferskraalje te litten. Inisjativen foar werstel fan 'e natuer krije oant no ta net de stipe dy't nedich is. De Partij foar de Dieren makket har sterk foar de Fryske natuer en stipet boargers dy't harren ynsette foar dieren, natuer en miljeu.

De Partij foar de Dieren nimt yn 'e provinsjale polityk in bysûndere posysje yn. We hâlde fêst oan ús idealen en binne wers fan kompromisisme. We wolle graach gearwurkje mei oare partijen, mar we sjogge it politike kompromis net as doel op himsels. Wy binne it griene anker yn 'e provinsjale polityk. Wy kieze foar it belang fan 'e meast kwetsbere, fan hokfoar soart dan ek, as begjinpunt fan tinken; in wêzentlik oare oanpak as dy fan partijen dy't benammen of allinnich each ha foar koarte-termyn-belangen.

De ferkiezings fan 20 maart binne fan krúsjaal belang foar Fryslân. De tradisjonele partijen lykje hieltyd mear op inoar en de âlderwetske tsjinstellings tusken lofts en rjochts boeie hieltyd minder kiezers. Mear as ea giet it om it oerstiigjend belang fan alles wat bydraacht oan it wolwêzen fan minsk en dier. Skjinne lucht, in griene leefomjouwing, in fitale boaiem, suver wetter en in duorsume takomst.

De Partij foar de Dieren kin dêr de trochslach by jaan. We komme mei oplossings foar in takomst dy't ek neikommende generaasjes in moai libben biede kin. In takomst dêr't it bioferskaat wer yn tanimt. In takomst dêr't moederaasje en duorsumens yn sintraal stean. In takomst dêr't persoanlike frijheid en ferantwurdlikens it libben noflik yn meitsje, dêr't de fersmoarger yn betellet en sûne karren yn beleane wurde.

De ferkiezings fan 20 maart sille ek lanlik fan grutte betsjutting wêze. De leden fan Provinsjale Steaten kieze wa't der yn 'e Earste Keamer komt. It kabinet regearret op it stuit mei de lytst mooglike mearderheid yn 'e Twadde en Earste Keamer. De ferkiezings sille dus bepalend wurde foar de takomst fan it kabinet en it takomstich belied.

In stim op 'e Partij foar de Dieren is de bêste garânsje foar in duorsume takomst foar elkenien. We sille ús idealen mei inoar ferdigenje en wier meitsje. Dy kâns is grutter as ea, omdat it politike lânskip gjin fanselssprekkende koalysjes mear kent.

Ferhef dyn stim tsjin megastâlen, tsjin fersmoarging fan ús natuer, tsjin fierdergeande asfaltearring. En ferhef dyn stim foar romte foar dier en natuer, foar konsuminderje, foar besparring en duorsume opwekking fan enerzjy en foar mear plantaardich iten foar elkenien.

Kies 20 maart partij. Foar de dieren, natuer en miljeu. Kies dêrmei foar in takomst foar neikommende generaasjes. Kies foar Plan B. Omdat der gjin Planeet B is.

1. Sûne lânbou, sûn iten

De Partij foar de Dieren wol ta op in plantaardige en biologyske produksje fan iten dy't oan 'e streek bûn is. Dêr spilet it bestjoer fan 'e provinsje in grutte rôl yn. It útgangspunt is om mei de natuer te wurkjen en net tsjin de natuer. Dat betsjut lânbou mei wikselteelt en bloeiende ikker-rânen, mei beammen en hagen dy't de fjilden omkrânzje, yn lykwicht mei de omjouwing. Yn dy grûnbûne lânbou is in sûne boaiem de standert en is respekt foar natuer, miljeu, dierewolwêzen en folkssûnens fanselsprekkend. De Partij foar de Dieren wol ôf fan lânbou dy't linet op oerbedonging, lânbougif en it útrûpeljen fan dieren.

In goede boer is immen dy't mei leafde foar it fak syn ambacht yn praktyk bringt – en is dus gjin dongmanager of lânbougiftechnofoch. Nederlân hat nei oanlieding fan it immens grutte tal lânbouhúsdieren in grut tal problemen, lykas in gigantysk dongoerskot en in útstjit fan ammoniak en broeikasgassen dy't net mear te behearskjen is. Natuer en miljeu ha al tsientallen jierren te krijen mei útdrûging, oerbedonging en fersuorring. Diersykten en it op grutte skaal brûken fan antibioatika foarmje in gefaar foar de folkssûnens. Dongbewurkers, lykas fergisters, losse it dongoerskot net op mar jouwe it probleem in oar plak.

Nei in duorsume lânbou

Der is noch in wrâld te winnen troch mear plantaardich te iten. Troch faker it fleis stean te litten en te kiezen foar in pear plantaardige konsumpsje kin de lânbou omskeakelje, wurde megastâlen oerstallich en kin it tal lânboudieren bot ôfnimme. Plantaardich iten is better foar it miljeu, foar de dieren en foar de minsken. Minder fleis, aaien en suvel helpt om minder broeikasgassen út te stjitten en it klimaatprobleem by de boarne oan te pakken. Boppedat skept it mooglikheden om lânbougrûn oan de natuer werom te jaan. Dat giet net samar, Fryslân moat de oergong nei in plantaardige en biologyske lânbou dy't bûn is oan 'e streek aktyf stimulearje.

- Boeren wurde stimulearre en op sosjaal en finansjeel mêd holpen om oer te stappen op lytsere skaal of op biologysk, of om folslein plantaardich te boeren.
- De provinsje stipet ûntwikkeling en ynnovaasje fan plantaardige fleis- en suvelferfangers en rint foaroan as it giet om promoasje fan plantaardich iten.
- It moat foarkommen wurde dat lânbougif yn it wetter telâne komt. De provinsje stimulearret bedriuwen om te stopjen mei lânbougif. Der komme sônes dêr't net sproeid wurde mei.
- Om de rûntegongen slute te kinnen, nimt de provinsje regels op foar in grûnbûne en sirkulêre lânbou.
- De provinsje stipet inisjativen foar biologyske stedslânbou.
- Foar agraryske gebieten wurde aparte natuerdoelen formulearre, wêrby't de beskerming fan soarten, lykas greidefûgels, en boaiem- en wetterkwaliteit foarop stean.
- Om it ferstoken fan ierdgas yn 'e glêstúnbou te minimalisearjen, set de provinsje har yn foar duorsume alternativen, lykas de promoasje fan seizoensoergrinten, en wurket sy oan it ferminderjen fan solitêre glêstúnbou en glêstúnbou tichteby kwetsbere gebieten.
- Europeeske lânbousubsydzjes wurde troch de provinsje allinnich ynset foar stipe fan inisjativen op it mêd fan 'e plantaardige en biologyske produksje fan iten dy't oan 'e streek bûn is.

In ein oan 'e bio-yndustry

Foar kiloknallers wurde bargaen, hinnen, kij, kninen en geiten yn 'e fee-yndustry fokt en ophokke ûnder omstannichheden dy't harren siik meitsje. Boppedat wurde hieltyd mear minsken siik troch fynstof, amoniak en syktekimen yn 'e lucht. Stâlbrannen meitsje alle jierren hûnderttûzenen slachtoffers. It tal lânboudieren moat drastysk beheind wurde om 'e wille fan it miljeu, de natuer, de folkssûnens én it dierewolwêzen. De Partij foar de Dieren wol dat de problemen by de boarne oanpak wurde.

- Der komt in ferbod op megastâlen mei meardere lagen. De bou fan sokke stâlen wurdt oan bannen lein yn 'e provinsjale feroardening.
- De provinsje nimt regels op sadat alle dieren nei bûten kinne en stimulearret it plantsjen fan beammen en de bou fan skûlstâlen dy't tsjinje as beskutting foar de dieren.
- Der komt mear kontrôle en hanthavening by feehâlderijen en dongfergisters en in 'lik-op-stuk'-

belied by oertredings. De kosten wurde ferhelle op 'e sektor.

- De provinsje docht der alles oan om stâlbrannen foar te kommen. By it jaan fan fergunnings, tafersjoch en hanthavening wurdt hjir ekstra omtinken oan jûn.
- De provinsje makket in dúdlik stappeplan om te soargjen foar in flugge omskeakeling nei dierfreonlike en duorsume lânbou. It tal bisten dat holden wurdt, wurdt mei op syn minst 70% ferlege. De lânbou rjochtet him op 'e duorsume produksje foar de regionale merk.
- De provinsje stoppet mei it jaan fan nije fergunnings foar nijbou, werbou en útwreiding fan feehâlderijen en set yn op it ferleegjen fan ammoniakdeposysje troch it ferlytsen fan it tal lânboudieren.
- Dongfergisters binne net duorsum en heare net by in ferantwurde lânbou. Der komme gjin nije ynstallaasjes by, útwreidings krije gjin fergunning en der komt belied om it tal dongfergisters werom te bringen.
- Gjinn subsidzjes foar lúchtwaskers of emissy-earme stâlssystemen fan 'e fee-yndustry. Ek foar de fee-yndustry sil jilde dat de fersmoarger betellet.

Duorsume of dierfreonlike fiskerij bestiet net

De fiskerij is yn 'e ôfrûne desennia feroare yn in massale yndustry mei ferneatigjende effekten op ekosystemen. De fangsttechniken soargje foar in pynlike deastriid foar de fisken. Boppedat is der earnstige oerbefisking. Fiskkwekerijen – dy't sûnder grûn sjoen wurde as in duorsum alternatyf foar wyldfangst – foarmje in nije bio-yndustry, mei slimme gefolgen foar dieren en folkssûnens.

- De provinsje stoppet mei it subsidiearjen en fasilitearjen fan fiskerij en stoppet ek mei it ferhierren fan it fiskrjocht. Beropsfiskerij is net langer yn natuergebieten tastien.
- Der komme gjin nije fiskkwekerijen en besteande fiskkwekerijen wurde net langer fasilitearre.

Gjin kninehâlderij

De kninehâlderij is in yntinsive feehâlderij. Kninen binne proaidieren dy't harren út har aard wei oerdeis weromlûke om harren del te jaan. Se binne dêrneist och sa gevoelich foar stress. Dat kin harren yn koarte tiid fataal wurde. In gebrek oan skûlplakken, in fersteurd dei- en nachtritme en fjochtpartijen ha dêrom in ellendich libben ta gefolch.

- De provinsje nimt yn har romtlike regeljouwing op dat der gjin tastimming foar nije kninehâlderijen of útwreiding fan besteande bedriuwen jûn wurdt. Ek pleitet de provinsje foar in ferbod op 'e kninehâlderij.

In gentechfrije provinsje

Genetyske manipulaasje (gentech) taastet de yntegriteit fan planten en dieren oan. Ek foarmet dizze technyk in risiko foar it bioferskaat. Gifresistinte gewaaksen, lykas gentechsoaja en –mais, ha laad ta it tanimmen fan it brûken fan giftige bestridingsmiddels. Boppedat kinne gentechgewaaksen harren minge mei gongbere en biologyske teelt.

- De provinsje ferklearret harsels gentechfrij (sawol ynkeap as produksje).

2. Diererjochten

Dieren ha it rjocht te libjen nei harren aard. De Partij foar de Dieren fynt dat de provinsje stribje moat nei in maatskippij dêr't sa min mooglik dieren yn brûkt wurde troch en foar de minsk. Dieren binne libjende skepsels, gjin produkten of middels foar minsklike ferdivedaasje. Mei it wolwêzen, bewustwêzen en de eigen behoeften en belangen fan dieren moat rekken holden wurde. It wolwêzen fan in soad dieren wurdt skeind troch de manier wêrop't se fokt, ferhannelle, holden of deade wurde. De Partij foar de Dieren wol dat yn it wyld libjende dieren gewurde litten wurde.

It wolwêzen fan dieren wurdt yn 'e provinsje mei grutte fanselssprekkendheid ûnderhearrich makke oan minsklike doelen. De Partij foar de Dieren wol ôf fan dit automatisme. Ferdivedaasje, sport, reklamedoeleinen en moade binne gjin redenen om dieren te deadzjen, te ferwûnjen of oars yn harren wolwêzen oan te taasten.

Romte foar dieren, net foar jagers

Yn ús lân wurdt de leefromte fan yn it wyld libjende dieren hieltyd mear beheind. No't dieren fanneed faker yn 'e buert fan minsken libje, wurdt al te maklik sein dat se oerlêst feroarsaakje. Manieren om dieren op in dierfreonlike manier te kearen út bepaalde gebieten wurde net of amper tapast. Romte foar ûndersyk nei en ynset fan previntive middels is der ek amper. Dieren wurde bestriden mei de swierste middels, sawat altyd wurde ze dea makke. Nettsjinsteande dy yntinsive bestriding slagget it net om it tal dieren bliuwend sakje te litten. De jeierij op guozzen, foksen, muskusratten, reeën, wylde swinen en in soad oare dieren moat stopje.

De Partij foar de Dieren fynt dat de provinsje mear previntive maatregels nimme moat om lânbouskea troch dieren, ferkearsûngemakken mei dieren en oanfarrings tusken fleanmasines en fûgels foar te kommen. It hjoeddeistige belied is net effektyf. Der wurde enoarme bedraggen útjûn oan sinleaze en wrede bestriding fan yn it wyld libjende dieren. Dat jild kin better ynset wurde foar previntyf belied dat wól effektyf is. Wy pleitsje foar in systeem wêrby't de ynrjochting fan lânbougrûn sa nedich dieren bûten hâldt, yn plak fan dieren ôf te sjitten. De provinsje moat dieren in goede leefomjouwing biede. Dêrby moat de yntrinsike wearde fan it dier it útgongspunt wêze.

- Der komt in Deputearre Dierewolwêzen dy't belied útfiert rjochte op it ferbetterjen fan it wolwêzen fan dieren yn 'e provinsje.
- De provinsje stiet gjin jeierij mear ta.
- De provinsje stoppet mei populaasjereduksje fan wylde dieren fia nulstannen en ôfskotkwota en set har yn foar goed ynrjochte leefgebieten foar yn it wyld libjende dieren.
- De provinsje basearret har natuer- en faunabelied net op 'e tellings fan jagers.
- De provinsje jout gjin ôfskotfergunning foar saneamde 'skealike' dieren.
- Dieren wurde net fergast.
- Mei úthiemske dieren wurdt krekt sa soarchfâldich omgongen as mei ynheemske dieren. Dat betsjut ûnder mear dat waskbearhûnnen net ôfsketten wurde en dat der net jage wurdt op halsbânparkiten.
- Ferwylderde húskatten wurde net deade, mar fongen, ûnfruchtber makke en dêrnei werompleatst. Allinnich op dy wize wurde populaasjes ferwyldere húskatten op in effektive en dierfreonlike wize lytser. De provinsje stipet organisaasjes dy't harren hjirfoar ynsette.
- Wolven binne wolkom yn Fryslân. De provinsje set yn op goede foarljochting oan ûnder oaren skiepehâlders om harren dieren te beskermjen sûnder wolven te deadzjen.
- Der komme (mear) provinsjale opspoaringsamtners om de bepalings oer jeierij en de beskerming fan natuergebieten te kontrolearjen en hanthavenjen. Dy opspoaringsamtners meie sels gjin jager wêze en gjin persoanlike bannen ha mei faunabehearheden of oare jagersferienings.
- De provinsje herfoarmet de faunaskeaferskering. De skeakompensaasje wurdt beheind ta ekstreme gefallen. Yn plak hjirfan promoatet de provinsje lânskipsmaatregels om te helpen skea foar te kommen.
- Om ûngelokken mei wylde dieren te ferhinderjen, nimt de provinsje maatregels lykas it ferleegjen fan 'e maksimumsnelheid op diken, it pleatsen fan wyldestekken en roasters en wurdt om fleanfjilden hinne it telen fan gewaaksen dy't fûgels oanlûke ferbean.

- In ûnôfhinklike ynstânsje hâldt by wêr't dieren oanriden wurde en hoefolle. Oan 'e hân fan dy (iepenbiere) gegevens evaluearret de provinsje jierliks it belied dat fierd wurdt.
- De provinsje wurket net mei oan 'e realisearre fan fiskstegers.
- Jeierij op rôffûgels en foksen fersteurt it natuerlik lykwicht, wêrtroch't de muzepopulaasje tanimt. It stopjen mei jeien jout de natuer kâns har te werstellen.

Opfang fan yn it wyld libjende dieren

Sawol yn stedsgebiet as yn lanlik gebiet kinne yn it wyld libjende dieren ferwûne reitsje – faak troch tadwaan fan minsken. De opfang fan ferwûne dieren is in maatskiplike taak. Yn 'e praktyk lit de oerheid it lykwols geregeld ôfwitte. Yn 'e Nederlânske opfangsintra wurde jierliks in soad ferwûne en sike fûgels en sûchdieren opnommen. In soad fan dy opfangsintra binne finansjeel earm. De provinsje organisearret en stipet de soarch en opfang fan ferwûne en yn it wyld libjende dieren dy't harsels net rêde kinne. Beskikberens fan diere-ambulânses, opfangsintra en bistedokters moat garandearre wêze. Der wurdt fan 'e provinsje út foldwaande en strukturele stipe jûn oan opfangsintra foar yn it wyld libjende dieren en oan diere-ambulânses.

Soarch foar domestisearre dieren

Yn hast de helte fan 'e húshâldens is in kat of hûn part fan it gesin. Sa nedich moat de provinsje opkomme foar it wolwêzen fan selsskipdieren. Ek lânboudieren dy't soarch en opfang nedich ha, moatte op stipe fan 'e provinsje rekkenje kinne.

- De provinsje soarget foar in optimale ôfstimming tusken gemeenten by de help oan (fuortrûne) domestisearre dieren of by help yn needsituaasjes. Mocht it nedich wêze dan draacht de provinsje finansjeel by.
- De provinsje stimulearret greidegong foar hynders en it frij beweegjen kinne yn 'e bûtenlucht.

Gjin dierûnfreonlike eveneminten

It wolwêzen fan dieren by frijetidsbesteging lykas angelfiskjen en dowsport, folksspultsjes, keunstuterings, libjende kryststâlen, sirkussen en mediaoptredens lit te winskjen oer. Dieren wurde faak in soad ferfierd, it húsfestjen is behelperich, en se krije min iten en ha te lijen oan stress. De Partij foar de Dieren wol ôf fan it brûken fan dieren om de tradysje en ferdivedaasje.

- De provinsje sribbet nei in ferbod op dierûnfreonlike tradysjes lykas libjende kryststâlen, rôffûgelshows, dowsport en angelfiskjen.
- De provinsje stiet aaisykjen net ta.

Gjin jild nei dierproeven

Tsjin dierproeven bestiet in soad wjerstân. In soad minsken realisearje harren dat dieren ek pine, eangst en stress ûnderfine. De Partij foar de Dieren wol dat der in ein komt oan alle dierproeven. Dit wolle wy berikje troch dierproeven fluch út te fasearjen, yn kombinaasje mei de ûntwikkeling fan proefdierfrije techniken.

- De provinsje sribbet dernei om proefdierfrij te wêzen en jout gjin meiwurking of subsydzjes oan bedriuwen en ynstânsjes dy't dierproeven dogge. It ûntwikkeljen fan dierproeffrije alternativen wurdt subsidiearre.

3. Romte foar natuer

De Partij foar de Dieren jout natuer de prioriteit dy't it fertsjinnet. Natuer hat in eigen wearde en heart allinnich al om dy reden ús beskerming te krijen. Boppedat foarmet sy mei har ferskaat oan planten, dieren en ekosystemen de basis foar de produksje fan ús iten en is sy essinsjeel foar in sûne leefomjouwing. Sa besparret grien yn stêden en doarpen enerzjy en ferminderet it de kâns op wetteroerlêst en hjittestress. Ek fiele wy ús in stik sûner en gelokkiger mei grien om ús hinne en liedt in griene omjouwing ta minder kriminaliteit en agresje. Natuer is gjin lúkse, mar it fûnemint fan ús bestean. It is ús plicht om te soargjen foar in leefbere ierde, no en yn 'e takomst. De provinsje hat hjir in och sa wichtige rol yn.

De Fryske natuer en it bioferskaat wurde bedrige. Fan it oarspronklike bioferskaat yn Nederlân is noch mar fyftjin prosint oer. Natuergebieten binne om sa mar te sizzen eilantsjes yn it hieltyd stedser wurdende gebiet en de griene woestyn fan 'e yntinsive lânbou. De ferneatiging fan 'e natuer bliuwt trochgean en de neiklap fan 'e besunigings fan 'e provinsje Fryslân fiele wy noch. Om gau jild te fertsjinjen wurdt hast altyd keazen foar it opofferjen fan natuer oan koarte-termyn-belangen lykas asfalt, bou en yntinsive rekreaasje. Skaalfergrutting fan lânbouperselen soarget der fierstente faak foar dat natuer ferdwynt. Utstjit fan skealike stoffen troch yndustry, ferkear en de yntinsive feehâlderij taastet dêrby de natuer en de boaiem hieltyd mear oan, lykas it brûken fan lânbougif.

De Partij foar de Dieren wol mear natuer en in fearkrêftige natuer. Troch natuergebieten mei-inoar te ferbinen wurdt de natuer sterker, it bioferskaat grutter en nimt de kâns op it fuortbestean fan in protte soarten ta. De oarspronklike Ekologyske Haadstruktuer realisearje wy sa gau mooglik en wy fersterkje de natuer dy't wy yn Fryslân noch oer ha. It hjoeddeistige natuerbehear moat oars. De provinsje moat ynsette op boarnebelied: fersmoarging fan 'e natuer moat foarkommen wurde. Dat betsjut minder lânboudieren, gjin nije feestâlen of diken yn of troch natuergebieten en natuerlike wetterstannen. Festivals yn 'e natuer fersteure de rêst foar minsk en dier en moatte yn tal werom brocht wurde.

Natuer ferbine en behâlde

De natuer dy't yn Fryslân noch oer is moat natuer bliuwe. Troch natuergebieten mei-inoar te ferbinen binne der mear migraasjemooglikheden en krije plante- en diersoarten bettere kânsen. De natuer hoecht har net werom te fertsjinjen of te bewizen. Dêrom wurdt it yn 'e merk setten fan 'e natuer stoppe.

- De oarspronklike Ekologyske Haadstruktuer mei alle ferbiningsônes is yn 2023 ôf.
- De provinsje brûkt har ûnteigeningsfoech om de oankeap fan grûn foar de realisasje fan natuergebieten foar inoar te krijen.
- Natuergebieten wurde mei-inoar ferbûn, bygelyks troch ekodukten, oerstekplakken en poddetunnels. Lokale inisjativen foar ferbiningsônes wurde stipe.
- De provinsje set har yn om it tal diken troch natuergebieten te ferminderjen.
- Yn 'e omjouwingfyzje beskriuwt de provinsje in heldere en ambisjeuze fyzje op natuer yn 2040 mei in goede beskriuwing fan 'e hjoeddeiske steat fan 'e natuer, de winske miljeukwaliteit en in konkreet plan mei in tiidpaad om de ambysje te realisearjen.
- Libjende flora en fauna binne goed yn 'e gaten holden en de gegevens binne iepenbier tagonklik.
- Wetterstannen gean bot omheech om (fean)boaiemdelgong te stopjen en natuerwearden te beskermjen.
- De wetters yn Fryslân foldogge sa gau mooglik oan 'e kwaliteitseasken neffens de 'Kaderrichtlijn Water'.
- It brûken fan stikelried yn 'e natuer wurdt ferbean.
- Besteande natuer wurdt fersterke.
- De provinsje stimulearret it werstel fan greppels yn greiden.
- De festivalisearring fan 'e natuer wurdt stoppe.
- De provinsje set har yn foar it behâld fan âlde Fryske rassen en gewaaksen.

Bioferskaat beskermje

It bioferskaat stiet bot ûnder druk, foaral troch tadwaan fan 'e yntinsive lânbou. Gif en oare miljeufersmoarging ferniele de natuer en wurde dêrom hurd oanpakt. Bestearde leefgebieten wurde beskerme en as dat nedich is wersteld. Ynsekten lykas bijen binne ûnmisber foar de natuere mar ek foar de befruchting fan lânbougewaaksen.

- It brûken fan (lânbou)gif, keunstdong en driuwdong yn en om de natuer wurdt stoppe.
- Wetterwinning wurdt ûndergeskikt makke oan de ekologyske easken fan it gebiet.
- Berms fan provinsjale diken binne ekologysk beheard en ynrjochte, mei spesjaal omtinken foar de bijen en oare ynsekten.
- De provinsje stimulearret natuerynklyskive lânbou, it oanlizzen fan houtwâlen en it tydlik út produksje nimmen fan stikken lânbougrûn foar ekologysk werstel.
- Echte beskerming fan dieren, natuer en miljeu binne it útgongspunt by behearplannen foar de Natura 2000-gebieten en it jaan fan fergunnings.
- Om natuergebieten hinne wurdt de yntinsive lânbou hurder ôfboud.
- It tanimmen fan stikstoffersmoarging yn hokfoar mate dan ek is ferbean.
- It kappen fan beammen is trochslein en wurdt stoppe. Der komt mear romte foar bosk en it plantsjen fan nije beammen.
- Rekreaasje sil net ta skea gean fan natuer en lânskiplike wearde. Allinnich ekologysk ferantwurde rekreaasje is tastien yn natuergebieten, lykas fytse en kuierje.
- It fleanen mei drones yn natuergebieten wurdt net tastien omdat it de natuer fersteurd.
- De natuertoets wurdt mei weromwurkjende krêft útfierd foar (bedriuw)aktiviteiten dy't net in fergunning ha dy't yn oarder is.

Bysûndere gebieten behâlde

Natuergebieten en griene gebieten ha wichtige kwaliteiten dy't apart beskerme wurde moatte, lykas stilte en it tsjuster. Oan it folbouwen fan iepen gebiet komt in ein. Der komt bettere beskerming fan âlde natuer: âld bosk is net te ferfangen.

- Yn 'e omjouwingsfyzje binne Bysûndere Provinsjale Natuergebieten, Nasjonale Parken, wetterwingegebieten en weardefolle kultuerlânskippen goed beskerme.
- Stilte yn stiltegebieten bliuwt yn stân.
- It net-beboude gebiet bliuwt ek echt iepen.
- Ljochtfersmoarging yn 'e natuer – bygelyks troch yndustry, rekreaasje, stâlen en kassen – wurdt oanpakt.
- De ferljochting by provinsjale diken en fytspâden del fersteurt de natuer sa min mooglik en hâldt rekken mei dieren.
- Ekonomyske ûntjouwings yn griene gebieten mei de natuerkwaliteit net oantaaste.
- Natuerlike lânskapseleminten lykas houtwâlen en sleatten bliuwe behâlden.
- De provinsje set him aktyf yn foar de beskerming fan Wrâlderfgoed Waadsee.
- Der sil in ein komme oan 'e sâltwinning op lân en yn 'e Waadsee en oan 'e sânwinning yn it Iselmar.

Fryslân wurdt hieltyd griener

De Partij foar de Dieren fynt dat it de heechste tiid is om stêden en doarpen griener te meitsjen. Griene stêden en doarpen leverje mink en dier in soad op: enerzjybesparring, minder wetteroerlêst en yn 'e simmer hoege minsken en dieren net te flechtsjen foar de hjiite fan opwaarme beton. Grien makket sûn en lokkich.

- De leefberens fan en it grien yn 'e stêden, lykas griene skoalpleinen, tiny forests, itenbosken en griene boartersplakken, wurde stimulearre.
- De provinsje stipet de edukaasje fan dierewolwêzen, natuer en miljeu.

4. Duorsume karren

De Partij foar de Dieren is oanjeier fan in ambisjeus klimaat- en miljeubelied. De ierde biedt genôch foar de behoefte fan elkenien, mar net foar de ynklauwerichheid fan elkenien. Wy wolle ta nei in sosjale ekonomy, wêryn't ekologyske grinzen respektarre wurde. Sunich omgean mei ús planeet is letterlik fan libbensbelang: se foarsjocht ús fan skjinne lucht, wetter, in sûnere boaiem en de grûnstoffen dy't wy nedich ha foar it fuortbestean fan minsk en dier.

Op dit stuit wurde in soad problemen noch hieltyd ôfrôle op takomstige generaasjes. Duorsumens is faak in ûndúdlike ôfspraak of in falske belofte. Needsaaklike oplossings wurde foarút skood. Ôfbrek oan ús leefomjouwing bliuwt trochgean troch ûnfermindere fersmoagjende emissys nei lucht, wetter en boaiem. Om klimaatferoaring en miljeufersmoarging de holle te bieden moat in oare wei ynslein wurde. Ekonomyske groei kin net langer it útgongspunt wêze. Oerskeakelje nei miljeufreonlik produsearjen en konsumearjen is needsaaklik foar in sûne, duorsume takomst.

De provinsje wurdt in krêftige koprinner op it mêd fan duorsumens. Om takomstige generaasjes genôch iten, skjinne lucht en suver wetter biede te kinnen, sil ek Fryslân har fuotprint ferlytsje moatte. De ierde mei net fierder opwaarmje as 1,5 graad, oars wurdt sy ûnleefber. Mei in provinsjaal klimaatbelied wurdt de útstjit fan CO₂ en oare broeikasgassen werombrocht. De provinsje nimt in foarlûkersrol troch miljeufersmoarging oan te pakken en sparsum om te gean mei grûnstoffen. De draachkrêft fan 'e ierde stiet by elke kar foarop. Wy akseptearje gjin heale maatregels foar klimaat, enerzjy en miljeu.

Op syn lêst yn 2030 klimaatneutraal

Klimaatferoarings en de opwaarming fan 'e ierde foarmje in bedriging foar miljarden minsken, dieren en planten. Wy steane foar in enoarme opgave. Provinsjaal klimaatbelied moat bydrage oan nasjonale en ynternasjonale doelstellingen en soarget derfoar dat Fryslân yn 2030 klimaatneutraal is.

- Der komt in ambisjeus klimaatplan mei konkrete, ôfrekkenbere tuskendoelen oer de emissys fan broeikasgassen. Fryslân is op syn lêst yn 2030 klimaatneutraal.
- Oanpak fan broeikasgasemissys út 'e lânbou is part fan dit klimaatplan. De provinsje nimt har klimaatdoelstelling op yn 'e omjouwingsfyzje en -feroarding.
- De provinsje bliuwt duorsumensmaatregels fan ynwenners, organisaasjes en bedriuwen stimulearjen mei in klimaatfûns. De provinsje soarget derfoar dat duorumenssubsydzjes telâne komme by de doelgroepen dy't se it hurdst nedich ha.
- De provinsje set har yn foar in krimp fan 'e loftfeart en biedt ferset tsjin de útwreiding fan fleanjilden.
- Fryslân wurdt fossylfrij en biedt ferset tsjin elke winning fan of proefboarings nei fosile brânstoffen, lykas gaswinning op lân, gaswinning yn 'e Waadsee en skalygas.
- Fryslân ferbrekt de finansjele bannen mei fossile bedriuwen en trúnt oare organisaasjes oan om itselde te dwaan.
- Salang't der noch aktiviteiten plakfine dy't foar boaiemdelgong soargje kinne, set de provinsje har yn foar omkearing fan 'e bewiislêst by skea dy't hjirtroch feroarsake wurde kinne soe.
- De provinsje nimt maatregels om bettere wetteropfang te realisearjen en ferdrûging en hji-testress tsjin te gean.
- Fryslân stelt duorsumenskriteria op foar it jaan fan subsydzjes en it ferpachtsjen fan provinsjale grûnen.
- Wetterstannen gean in flink ein omheech om feanoksidaasje en dêrmei CO₂-útsjit tsjin te gean.
- Elk belied wurdt op elk mêd by de mjitlatte fan duorsumens dellein.

Enerzjy besparje en ferduorsumje

Besparring op it enerzjyferbrûk is de earste, bêste en goedkeapste stap nei in duorsum en hâldber enerzjybelied. Troch de enerzjy dy't wy dan noch nedich ha lokaal en lytsskalich op te wekken, kreëarje wy griene banen.

- Der komt in yntegraal enerzjytransysjeplan foar de besparring fan it enerzjyferbrûk, it ferduorsumjen fan 'e enerzjyproduksje en de ekologyske ynpassing dêrfan. Yn 2030 wurdt alle enerzjy

duorsum opwekke.

- Belied foar duorsume waarmteopwekking en –distribúsje is part fan it enerzjytransysjeplan, lykas de stipe fan boargerkoöperaasjes.
- De provinsje stimulearret de ûntwikkeling fan sinneparken en wynmûnen op plakken dêr't dieren en natuer der gjin hinder fan ûnderfine. Itselde jildt foar wetterkrêftsintrales, wêrby't fiskpassearberens in hurde betingst is.
- Unnedich enerzjyferbrûk wurdt werombrocht, bygelyks troch it tsjingeane fan ferljochting fan kantoaren nei wurktiid en fan ferljochte bûtenreklame.
- It provinsjehûs is op syn lêst yn 2025 enerzjyneutraal.
- De provinsje jout rom baan oan inisjativen dy't soargje foar in it ferduorsumjen fan wennings (enerzjyneutraal of –posityf en gasleas). Dêrom befoarderet sy de lytsskalige opwekking fan skjinne enerzjy troch partikulieren en befoarderet sy dat huzen sels enerzjy opwekje en opslaan sille. By it bepalen fan 'e bestimming fan sokke maatregels nimt de provinsje de belangen fan 'e meast kwetsbere groepen yn acht.
- De provinsje jout op gjin inkelde wize meiwurking oan 'e bou fan nije koalesintrales, in kearnsintrale, (skaly)gaswinning, fracking, bedriuwsmjittige houtferbrânnynstallaasjes of projekten foar it krijen fan enerzjy út biomassa en ôffalstoffen fan 'e fee-yndustry.
- It brûken fan waarmte fan 'e ierde is in akseptabel alternatyf as duorsume enerzjyfoarsjenning yn glêstúnbougebieten, op betinkst dat de feiligens derfan oanhâldend yn 'e gaten holden wurdt.
- De provinsje befoarderet de oanlis fan, sa folle mooglik griene, stroompunten oan 'e wâl foar de binnenfeart om sa útstjit fan útlitgassen te ferminderjen.
- De provinsje befoarderet pilots mei ynnovative, skjinne enerzjytechniken.

In krêftich miljeubelied

De Partij foar de Dieren wol dat Fryslân in miljeubelied fiert dêr't de beskerming fan boaiem, lucht en wetter swierder by weaget as de ekonomyske belangen. Foar de provinsje leit der ek in wichtige taak as it giet om it stimulearjen fan miljeufreonlike produksje en konsumpsje.

- De kwaliteitsnoarmen foar lucht, boaiem en wetter wurde op basis fan it foarsoarchbegjinsel fêststeld en sa gau mooglik behelle.
- De luchtkwaliteit foldocht minimaal oan 'e noarmen fan 'e Wrâldsûnensorganisaasje. De provinsje sil de oanwêzigens fan stikstof, fynstof en roet yn 'e lucht flink ferminderje.
- Miljeuregels wurde strikt hanthavene. De provinsje stelt boppedat nije miljeuregels op dy't kânsen jouwe oan duorsume bedriuwichheid.
- De omjouwingstsjinsten moatte – kwantitatyf en kwalitatyf – oer mear kapasiteit beskikke om harren wetlike taken op it mêd fan miljeu- en natuerbeskerming better útfiere te kinnen.
- De wetterwingebieten wurde strang beskerme.
- Ynwenners wurde beskerme tsjin stankoerlêst en lûdshinder, troch strange noarmen en goede hanthavening.
- Der komt gjin ûndergrûnse CO₂-opslach. Ek wurdt der yn 'e boaiem gjin ôffal of kearnôffal opslach.
- De provinsje jout allinnich noch mar tydlike miljeufergunnings ôf. In fergunning wurdt dêrnei allinnich ferlinge at it bedriuw oantoane kin dat it werklik oan 'e fergunningsbetingsten foldien hat.
- By fabriken en bedriuwen dy't in risiko foarmje kinne foar de leefomjouwing en de folkssûnens wurde hanthavening en ûnoankundige kontrôles yntinsivearre.
- De provinsje is tige tebekhâldend mei it jaan fan fergunnings en ûntheffings foar fjoerwurkeveneminten. Partikuliere inisjativen komme yn alle gefallen net yn oanmerking foar in fergunning.
- De provinsje makket har sterk foar ôftwingbere revisyfergunnings.

In ekonomy rjochte op besteanswissigens, binnen de grinzen fan 'e planeet

De 'wegwerpeconomy', dêr't ûnbedimme groei yn sintraal stiet en dêr't de kosten fan op 'e planeet en har bewenners ôfrôle wurde, hat syn langste tiid hân. Fuort dermei! De Partij foar de Dieren wol ta nei in planeetbrede fyzje op 'e ekonomy dêr't wy allegear better fan wurde, nettsjinsteande oft de ekonomy groeit.

- De provinsje set fol yn op in sirkulêre ekonomy, dêr't gjin ôffal yn bestiet en folle minder grûnstoffen yn nedich binne.
- Yn 2030 moat it brûken fan grûnstoffen mei de helte fermindere wêze en wurde alle grûnstoffen yn 'e provinsje op 'e nij brûkt.
- De provinsje ûntwikkelet tegearre mei har gemeenten in rûntegongstrategy, dêr't grûnstoffen- en enerzjyferbrûk, útstjit fan CO₂ en it op 'e nij brûken fan ôffal yn opnommen wurde.
- De fêstiging fan bedriuwen dy't de begjinsels fan in rûntegongekonomy tapasse en maatskiplik ferantwurde ûndernimje wurdt stimulearre.
- De provinsje Fryslân lit jierliks har ekologyske fuotprint berekkenje as yndikator om fuortgong op duorsumens te mjitten.
- Allinnich duorsume en dierfreonlike eveneminten komme yn oanmerking foar provinsjale subzjies of stipe.
- De REC (Reststoffen Energie Centrale) yn Harns wurdt fanwegen kontinue sturings sletten.

Tûker ferfier

De Partij foar de Dieren wol rom baan foar de fuotgonger en fytser. Iepenbier ferfier moat, sawol yn stêds- as lanlike gebiet, duorsum, effisjint, betrouber en tagonklik wêze.

- It iepenbier ferfier is feilich, betrouber, betelber en tagonklik, ek foar minsken mei in beperking en foarmet oeral in folweardich alternatyf foar de eigen auto.
- De provinsje ynvestearret yn in dielfytssystem dat diel útmeitsje sil fan alle treinstasjons en belangrike knooppunten fan it iepenbier ferfier.
- De provinsje ynvestearret yn feilige kuier- en fytspaden en fyts(gong)diken.
- Al it iepenbier ferfier en it rydark fan 'e provinsje binne op syn lêst yn 2023 emissyfrij.
- De provinsje soarget foar fluggere rûtes foar bussen en regiotaksys, stimulearre aparte busbanen, ek yn 'e stêden, en fersoarget foarrang foar bussen en regiotaksys by files en knelpunten. Fluggere rûtes foar de bus betsjut net it ferminderjen fan haltes yn wengebieten, want dan wurdt de reistiid net koarter.
- Der komme gjin nije diken foar motorisearre ferkear. Besteande diken wurde net útwreide.
- Duorsum persoane- en frachtferfier oer wetter wurdt stimulearre en fearferbinings wurde wêr't dat mooglik is yn stân holden.
- By oanbesteging fan iepenbier ferfier wurdt folslein elektrysk it útgongspunt en miljeufreonlikheid in essinsjeel betingst.
- De provinsje soarget foar foldwaande oplaadpunten mei griene stroom foar elektrysk ryd- en farark. Ek inisjativen foar dielfytsen en elektryske dielauto's wurde aktyf stipe.
- Fryslân befoarderet it wen-wurkferkear per fyts. Foar lange-ôfstânsferfier wurdt it iepenbier ferfier en elektryske dielauto's brûkt.
- It fal ferkearsûngemakken en it tal slachtoffers ûnder minsken en dieren wurdt werombrocht. Hjir wurdt û.o. in ferkearsfeiligensplan foar opsteld.

Koesterje de romte

Iepen romte yn Nederlân is krap. De romte dy't der is moatte wy koesterje. It belang fan in griene, skjinne leefomjouwing foar minsk en dier stiet yn alle romtlike plannen foarop.

- Yn 'e plannen foar romtlike oardening is gjin plak foar nije of gruttere fleanfjilden. De provinsje ferset har tsjin útwreiding fan fleanfjild Lelystêd.
- Krimp wurdt net bestride troch nijbouprojekten om mear ynweners oan te lûken. Leechstân yn krimpregio's wurdt aktyf oanpakt om sa de druk op it bouwen yn 'e stêden te ferminderjen. Krimpregio's wurde benut om besteande natuergebieten te fersterkjen, de ûntwikkeling fan nije natuer te befoarderjen en duorsume enerzjyopwekking yn 'e regio te stimulearjen.
- Geskikte leechsteande bedriuw-, winkel- en kantoarpannen wurde omboud ta kulturele briedplakken en betelbere wenromtes. Hjir ferminderje sawol wenningtekoarten troch as it tal bouprojekten yn natuer- en agraryske gebieten.
- De provinsje sil ferkrotting aktyf bestride. Dêr't sprake is fan leechstân, wurdt net útwreide. Dêr't werûntwikkeling net yn 'e fraach nei wennings foarsjen kin, wurdt it oanbod fan wennings útwreide troch nije enerzjyneutrale wennings te ûntwikkeljen yn it midden- en legere priissegmint. Dy wennings wurde konsintrearre yn beboude gebieten deunbij besteande fasilititeiten en

ynfrastruktuer, dêr't de stedsekology net by fersteurd wurde mei.

- Duorsume inisjativen, lykas tiny houses en ekowiken, en meargeneraasjewennings wurde stimulearre.
- De provinsje draacht by oan foldwaande sosjale wenningbou.
- Der wurdt allinnich yn 'e stêden en safolle mooglik natuerynklusyf boud, net yn it grien.
- Braaklizzende terreinen wurde aktyf ta beskikking steld foar stedslânbou, natuerûntwikkeling en kollektyf behearde parken en natuerboartersplakken. Terreinen dy't noch net benut wurde, wurde ynrjochte as bijen- en flinterfjildsjes.
- Op troch de provinsje oerstallich ferwurven grûn wurdt natuer realisearre.
- Frijkommende agraryske bebouwing wurdt benut foar natuerûntwikkeling of duorsume enerzjyopwekking.
- Der wurde gjin yndustry- of bedriuweterreinen oanlein of útwreide yn 'e iepen romte. Bestearde yndustryterreinen en bedriuwsmromten moatte folle better benut wurde.

5. Oerheid en maatskippij

De Partij foar de Dieren kiest as it giet om it tegearre libjen foar in soarchfâldige balâns tusken persoanlike frijheid en persoanlike ferantwurdlikheid. Minsken ha de frijheid om te libjen nei harren eigen ynsichten, foar safier't dy net yn konflikt komme mei de frijheden fan oaren, wêrûnder dy fan dieren. De Partij foar de Dieren hechtet hiel bot oan 'e privacy fan minsken, iepenbierheid fan bestjoer en de frijheid fan mieningsutering. De provinsje moat ynwenners aktyf by de polityk en beslútfoarming belûke, ûnder mear troch harren de mooglikheid te jaan om op in ienfâldige wize yn 'e kunde te kommen mei besluten.

Privacy is feiligens

Privacy is it fermogen om bepaalde aspekten fan ús libben foar ússels te hâlden. Stiet dat ûnder druk, dan kinne minsken harren oantaast fiele yn harren persoanlike libbenssfear. Dat kin in negatyf effekt ha op 'e frijheid fan mieningsutering. De oerheid wit hieltyd mear fan har ynwenners, wylst de metoades fan oerheidsorganisaasjes amper noch nei te kommen binne foar de boargers.

- Ynwenners kinne op ienfâldige wize by de provinsje opfreegje hokker gegevens dêr fan harren bekend binne en dizze wêr't dat mooglik is wizigje of weihelje litte.
- De provinsje beheint de gegevens dy't mei treden, lykas postbesoargers, dield wurde foar de doelen dêr't dy oar se foar nedich hat. Dizze partijen meie noait op eigen inisjatyf persoanlike gegevens trochjaan of foar oare doelen brûke as de provinsje mei harren ôfpraat hat. De provinsje nimt passende technyske en organisatoaryske maatregels om gegevens te befeiligjen tsjin ferlies of tsjin ûnrjochtmjittige ferwurking en lit de kwaliteit fan dy maatregels troch in ûnôfhinklike tredde partij perioadyk kontrolearje.
- De provinsje hâldt it privacybelied by de tiid troch it hieltyd oan 'e relevante jurisprudinsje en ûntwikkelings oan te passen.

Emansipaasje

It útgongspunt fan 'e Partij foar de Dieren is dat moederaasje en respekt de maatstaven foarmje moatte soene binnen ús maatskippij. De partij stiet pal foar de erkenning fan emansipaasje-bewegings. Oeral dêr't sprake is fan achterstelling fan groepen, is it in taak fan 'e oerheid om fol yn te setten op folweardige partisipaasje en gelikense behanneling. Minsken fan alle libbens- of geloofsoertsjûgings, aard, ôfkomst, sekse en genderoriïntaasje moatte harren frij en feilich fiele kinne.

- Dêr't it nedich is makket de provinsje it diversiteitsbelied foar harren personiel sterker.
- De provinsje pakt alle utingsfoarmen fan diskriminaasje oan en hat omtinken foar alle groepen yn 'e maatskippij.
- De provinsje befoarderet de tagonklikens foar minsken mei in beheining by alle foarsjennings, ynklusyf de rekreative foarsjennings, iepenbier ferfier en provinsjale websiden.
- As reinbôgeprovinsje set de provinsje har yn foar de sosjale akseptaasje en feiligens fan minsken fan ferskillende seksen, mei ferskate seksuele en genderoriïntaasjes (LHBTIQA+).

Transparante oerheid en mear demokrasy

In oerheid dy't goed funksjonearret is iepen, transparant en biedt gelikense kânsen foar elkenien. De Partij foar de Dieren is gjin foarstanner fan skaalfergrutting en it gearfoegjen fan provinsjes. De provinsje belûkt har boargers aktyf by de beslútfoarming en biedt perspektyf. Boargerinisjativen binne in hiele goede manier om politike belutsenens te fergrutsjen.

- Alle iepenbiere stikken, lykas besluten en meidielings fan 'e provinsje, wurde foar elkenien ienfâldich, oersichtlik en tagonklik publisearre op har webside.
- De provinsje makket safolle mooglik gebrûk fan iepen data.
- De provinsje is och sa hoeden mei it oplizzen fan geheimhâlding. As geheimhâlding echt moat, wurdt dat oan 'e hân fan de Wet iepenbierheid fan bestjoer motivearre. Dy motivearring is iepenbier en de geheimhâlding tydlik.
- Der komt in iepenbier lobbyregister dêr't yn fermeld wurdt hokker ynfloed lobbyisten hân hawwe en foar hokker organisaasje sy wurkje.
- Klokkelûders binne in wichtige boarne foar it opspoaren fan misstannen yn bedriuwen en (oerheids-)organisaasjes en wurde dêrom goed beskerme.

- It boargerinisjatyf wurdt stimulearre en ienfâldiger makke. Boargers wurde gelyk fan it begjin ôf aktyf by nije projekten belutsen.
- De provinsje hat in tagonklik riedjouwend referindum.
- Allinnich as der foldwaande draachflak foar is by de befolking en gemeenterieden, is it mooglik gemeenten gear te foegjen.

Keunst, kultuer, refleksje

In maatskippij dijt it bêste as der in soad romte is foar tsjinmacht, krityske lûden en refleksje. Faak nimme media en keunst dy taak op harren. Kultuer soarget boppedat foar in immateriële ferriking fan it libben en biedt ynspiraasje. De Partij foar de Dieren fynt omtinken en middels foar regionale media en keunst dan ek essinsjeel. Tink hjirby oan saken lykas monumintesoarch, de biblioteek, orkesten, poppodia, ateliers, musea, tentoanstellingsromtes en muzykedukaasje. Wy binne tsjin besunigings op keunst en kultuer en foar in keunst- en kultuersektor dy't echt fan, foar en troch alle ynweners fan 'e provinsje is.

- De provinsje moat by't soad middels frijmeitsje foar regionale keunst, kultuer en media.
- De provinsje stipet, wêr't dit mooglik is, it kulturele ferskaat fan 'e regionale keunst- en kultuersektor op it mêd fan programma, publyk, persoanlik en partners.

Wolwêzen fan minsk en dier stiet sintraal

It midden fan ús wolwêzen yn jild is in te iensich ekonomysk útgongspunt, dêr't kritearia as lok, duorsumens, leefberens en hâldberheid net of net genôch yn ta útdrukking komme. Jild regearret; alles wat werklik wearde hat, wurdt hjir ûndergeskikt oan makke. Dieren en natuer binne ferwurden ta in produkt mei in priis. De Partij foar de Dieren wol dat der in griene balâns komt, in breed wolfeartsbegryp: in ferlies- en winstrekken dy't de effekten fan belied op minsk, dier, natuer, klimaat en miljeu sjen lit. Sa wurde de positive en negative effekten fan oerheidsmaatregels en ekonomyske aktiviteiten op 'e maatskippij dúdlik yn kaart brocht en kinne wy de juste koers bepale rjochting in duorsume en solidêre ekonomy. Wy sette wolwêzen foar minsken en dieren sintraal. Net allinnich hjir, mar ek yn oare dielen fan 'e wrâld. Net allinnich no, mar ek yn 'e takomst. De kapasiteit fan 'e ierde is in rânebetingst foar alle beliedskarren, ek yn 'e provinsje.

- De provinsje Fryslân sil de krekt ûntwikkele Monitor Brede Wolfeart brûke foar it bepalen en stjoeren fan belied. Dêr kinne ek oare ynstruminten by ynset wurde dy't in byld jouwe fan it wolwêzen fan minsk en dier, fan in skjinne leefomjouwing, bioferskaat, ynnovaasje, mienskipsin, oanwêzigens fan soarch, ensfh.
- De provinsje sil hoeden omgean mei mienskipsjild: finansjele reserves en tydlike oerskotten wurde allinnich op in feilige en ferantwurde manier oan 'e kant set.
- De provinsje docht allinnich saken mei banken en fersekerders dy't goed skoare op 'e Earlike Bank- en Fersekeringswizer.
- It fergruptsjen fan 'e kennis en ekspertize fan it eigen persoanlik foarkomt it ynhieren fan oerstallige eksterne adviseurs.
- De provinsje jout it goede foarbyld. De noarm foar ynkeap en oanbestedings wurdt: 100% duorsum, biologysk en fair trade. Dit jildt foar de ynkeap fan iten, enerzjy en bedriuwsklean. Dêr wurdt plantaardige konsumpsje by stimulearre.